

Evaluaasje ûnderwiis Fryske taal

Grip op kwaliteit

maaije 2016

- **Observaasje- en toetsynstruminten: wêrom eins?**
- **Untwikkelingen op it mêd fan de learmiddelen**
- **Taalkennistoetsen fan GRIP: Frisiatoets**
- **Lêsbegryp Frysk: toetsen begripend lêzen**

NHL
HOGESCHOOL



evaluaasjesysteemfrysk

Stap foar stap fierder mei Frysk

It projekt *GRIP*, dat mei rynske stipe fan de provinsje Fryslân útfierd is yn de skoaljierren 2014-2015 en 2015-2016, past prima yn de lange ûntwikkeling fan it Frysk yn it ûnderwiis. De earste stappen yn de tweintichste iuw wiene yn it basisûnderwiis yn 1937 (fakultatyf fak) en yn 1980 (ferplichte fak foar alle learlingen); yn it fuortset ûnderwiis yn 1971 (Frysk as kar-eksamenfak) en yn 1993 (ferplichte fak foar alle learlingen yn de basisfoarming). Dy earste stappen freegje om ferfolchstappen fan kwantiteit en kwaliteit.

De ienentweintichste iuw biedt nije kânsen. Yn 2015 hat de provinsje Fryslân mear foech en ferantwurdlikheid krigen foar de befoarderling en de kwaliteit fan it Frysk yn it ûnderwiis. It provinsjale 'Deltaplân Frysk' stimulearret de skoallen en de learaarsopliedingen mei help fan de Afûk en Cedin ta de nedige stappen. By de stimulâns oan de skoallen hearre aktuele en digitale learmiddelen, goede en goed oplate learkrêften en dosinten, in goede didaktyk én passende observaasje- en toetsynstruminten. De nije metoades *Spoar 8* en *Searje 36* biede goede kânsen foar goed ûnderwiis yn it Frysk as earste en as twadde taal, yn

in trochgeande learline fan basis- en fuortset ûnderwiis. De measte learlingen yn Fryslân kinne mei *Spoar 8* en *Searje 36* út de fuotten – om sels fiere taalstappen te setten yn it deistich libben. De ynspeksje hat yn it rapport 'Tusken winsk en werklikheid' (2010) frege om mear ynsjoch yn de feitlike learfoarderings fan de learlingen yn it Frysk. De digitale observaasje- en toetsynstruminten fan *GRIP* biede goed hâldfêst om de taalgroei fêst te stellen en te brûken om de nedige ferfolchstappen te setten. *GRIP* is in praktysk helpmiddel foar it mjitten fan dy stappen yn de taalûntjouwing fan de learlingen. Troch de tapassing fan it referinsjeramt Frysk (rrF) kin it nivo fan taalbehearsking Frysk goed fergelike wurde mei Ingelsk en Nederlânsk. De taalnivo's yn dy talen binne ommers basearre op it mienskiplike Europeeske Referinsjeramt foar Talen fan de Ried fan Europa. It Frysk is de 40e taal dêr't it referinsjeramt op tapast is mei de 'ik kin-bewearingen'! De folgjende stap foar it Frysk is, dat de skoallen yn it skoalbelied de toetsen foar Frysk foar alle learlingen opnimme yn de toetskalinder: oan de ein fan groep 8 neist de eintoets Nederlânsk en de Anglia-test; yn klasse 3 fan it fuortset ûnderwiis as stimulâns om Frysk te kiezen as eksamenfak.

Alex Riemersma

Alex Riemersma



Kolofon

GRIP is in konsortium dat bestiet út de folgjende organisaasjes:



ecno



Ynhâld

De formative funksje fan metoade-ôfhinklike toetsen by <i>Spoar 8</i> en <i>Searje 36</i> , benammen lêzen en wurdskat	7
Observaasje-ynstruminten foar de mûnlige en skriftlike taalfeardichheden	8
Ymplementaasje <i>GRIP</i>	12

GRIP is mei ta stân kaam troch de finansjele bydrage fan de Provinsje Fryslân.

provinsje fryslân
provincie fryslân

Haadredaksje: Alex Riemersma

Einredaksje: Annet Visser

Foarmjouwing: Marion Vegter | Jack of all Trades

Printwurk: CopyShop NHL Hogeschool

Oplage: 1.000 eksimplaren



It GRIP-team

Boppe fan links nei rjochts: Ate Grijpstra – Maaïke Pulles – Wim de Boer – Eelke Goodijk – Janke Singelsma – Albert Walsweer – Lisa Boersma

Under fan links nei rjochts: Alex Riemersma – Bernadet de Jager – Reitze Jonkman – Dorien Hamstra – Jurjen Kingma

Observaasje- en toetsynstruminten: wêrom eins?

Learlingen en har âlden wolle graach witte oft sy op skoalle wat leard hawwe. Learkrêften en skoaldireksjes, ferfolchskoallen en de ynspeksje wolle graach witte wat de resultaten binne yn fergeliking mei dy fan oare bern. Dat is de summative funksje fan observaasje en toetsing. Noch wichtiger is de formative funksje: de útkomsten biede de learkrêften en de learlingen ynformaasje oer wat sy leard hawwe, mar ek wat sy noch better leare moatte om by in goed einresultaat út te kommen. Mei didaktyske hânfetten, adekwate learmiddelen en in optimale learhâlding kinne de learlingen hieltyd fierder komme yn de learende ûntjouwing.

Noch net alle skoallen hawwe in tradysje fan observaasje en toetsing fan Frysk. Guon skoallen sjogge allinnich de programma's fan de skoalletelevyzje en dogge mar sa'n bytsje oan Frysk praten, lêzen en skriuwen, dat der gjin resultaten te melden binne. Sok ûnderwiis set gjin seadden oan de dyk! Learlingen en har âlden wolle fansels mear. Observaasje- en toetsynstruminten meitsje ynsichtlik, dat alle taalfeardichheden fan belang binne foar it learen. Dy taalfeardichheden binne foar alle talen as skoalfakken bes-

kreaun yn it referinsjeramt Frysk (rrF) op fiif nivo's en mei in útwurke systeem fan "ik kin"-bewearingen. Dêrtroch kin de learling sels, mar ek de learkrêft en de skoalle frij sekuer ynskatte watfoar nivo de learling berikt hat, yn fergeliking mei earder en yn fergeliking mei oare learlingen.

Ferfolch op side 4

Untwikkelingen op it mêd fan de learmiddelen

De ôfrûne jierren is in soad ynvestearre yn nije learmiddelen en metoaden. In wichtich ûnderdiel fan de nije metoade-oanpak is it digitale taallearplatoarm eduFrysk. Dêrmei kinne dosinten en learlingen mei help fan kompjûters, tablets of digibuorden mei passende materialen wurkje. In mediateek fol mei moaie filmkes, ferhalen, ferskes, opdrachten en taalgames kin dêrfoar brûkt wurde. Ek it evaluaasjesysteem GRIP makket ûnderdiel út fan it platoarm, wêrtroch't it ienfâldich wurdt om in passende evaluaasje (b.g. in toets of in observaasje) yn te setten en de útkomsten derfan te bewarjen yn in portfolio.

Ferfolch fan side 3

Dat jildt foar elke taal op himsels, mar ek foar de trije doeltalen yn fergeliking: mei help fan it Europeesk Referinsjeramt foar Talen kinne de nivo's fan taalbehearsking yn it Frysk, Nederlânsk en Ingelsk goed mei elkoar fergelike wurde.

Taalportfolio

De learlingen binne ferskillend neffens taaleftergrûn, yn har ûntwikkeling, mar ek learhâlding en taalsensibiliteit. Om de learlingen rjocht te dwaan yn al dy ferskillende aspekten is differinsjaasje yn de didaktyk en yn de toetsing fan belang. Omers: dêrtroch kin de yndividuele learling it eigen learpaad yn kaart krije, bygelyks yn de foarm fan in digitaal portfolio, mei dêryn net allinnich toetsresultaten, mar ek eigen ûnderfiningen en refleksje dêrop yn de taal-biografy. It taalportfolio – mar ek it learlingfolchysteem mei dêryn opnommen de resultaten fan observaasjes en toetsing – biedt hâldfêst foar de trochgeande learline yn de eigen skoalle, mar ek fan de basisskoalle nei it fuortset ûnderwiis. Dat kin brûkt wurde om de differinsjaasje sekuerder en better foarm te jaan. In goed trochticht en evenwichtich observaasje- en toetssysteem draacht deroan by, dat it Frysk op skoalle mear folweardich meitelt as fak, as gebrûkerstaal en as doeltaal, lykweardich oan it Ingelsk en it Nederlânsk. Dat is omers it úteinlike doel fan meartalich ûnderwiis, dat de learlingen alle trije doeltalen linich brûke kinne, mûnling, skriftlik én digitaal!

Alex Riemersma

Al dy saken binne ûntwikkele yn yntinsive gearwurking mei taalkoördinatoaren, learkrêften/dosinten, skoalbestjoeren. Dêrby hat de ynset en de ekspertize fan de minsken fan Cedin, de NHL (Pabo's en de twadde graads learare-oplieding en de lektoraten 'Frysk en Meartaligens' en 'Taalgebruik en Leren'), de SLO en de Fryske Akademy fertuten dien.

Spoar 8 foar it primêr ûnderwiis

Spoar 8 is de nije digitale metoade Frysk foar it basisûnderwiis, dy't fan it skoaljier 2016-2017 ôf beskikber komt. Spoar 8 is de opfolger fan Studio F. De '8' stiet foar de 8 groepen yn it basisûnderwiis en 'Spoar' jout oan dat der net ien rûte is om de Fryske taal te learen, mar dat der in hiel soad spoaren binne om fan it A-nivo nei in B-nivo te kommen.

Spoar 8 foar de ûnderbou wurket tematysk, dy't oanslút

by de eardere Studio F-tema's en by de oanpak fan oare bekende ûnderbou-metoades (lykas Schatkist en Kleuterplein). Der binne mear as 50 tema's, lykas: de seizoenen, de ferskillende feesten en it lichem. Spoar 8 jout teffens tagong ta mear as tûzen ferhaaltsjes, ferskes, opsiferskes, printeboeken en filmkes. Yn de foarm fan lessuggestjes wurdt in grut tal ideeën jûn om mei de learlingen oan en yn it Frysk te wurkjen. Dy suggestjes binne keppele oan de taaldoelen fan it referinsjeramt Frysk (rrF).

Spoar 8 foar de midden- en boppebou wurket mei de bekende tema's fan de Studio F-metoade, lykas: 'Feest', 'Natuer' en 'Technyk'. De metoade is folslein digitaal te brûken, mar parten dêrfan kinne ek maklik printe wurde. Yn fjouwer wiken wurdt in tema (b.g. 'Merke') behannele. In 'flogger' liedt it tema yn mei in fraach (b.g. 'Hoe sjocht in attraksje der út?') dêr't de learlingen mei oan 'e slach kinne. De learlingen wurkje ek mei it taalspul Meunster-tún, in edukative game wêrmei't learlingen yndividueel en op harren eigen nivo wurkje oan stavering, wurdskat en

Ferfolch op side 6



Ferfolch fan side 5

grammatika. Yn de ferbining tusken taallessen en wrâldferkenning kinne dosinten fierder oanslute op skiednis-, ierdrykskunde- en kulturele tema's troch gebrûk te meitsjen fan it hieltyd grutter wurdende tal digitale teksten, filmkes en presintaasjes út de mediateek fan *Spoar 8*.

Searje 36 foar it fuortset ûnderwiis


Yntinsyf gearwurkjen fan dosinten Frysk út it fuortset ûnderwiis mei edukative partners fan Afûk en Cedin hat de fernijde digitale metoade *Searje 36* opsmitten. Dy metoade

bestiet út lesmateriaal fan de metoade Freemwurk, it edukative tydskrift LinKk, de Kanon fan de Fryske Skiednis, telefyzje-programma's fan Omrop Fryslân en edukative games. Der is frijwat romte foar kultuer en teffens binne de lêsjeprojekten fan LêsNo en de aktiviteiten by Sjong! en it FeRstival tafoege. Yn it skoaljier 2015-2016 waarden fuortdaliks mear as 3.000 lissinsjes foar de earste klassen fan it fuortset ûnderwiis ôfnommen.


Wim de Boer

De formative funksje fan metoade-ôfhinklike toetsen by *Spoar 8* en *Searje 36*, benammen lêzen en wurdskat

*Spoar 8: "In twadde les fan in tema út de metoade *Spoar 8* foar groep 6."*



*Searje 36: "De earste les fan it tredde tema út de metoade *Searje 36* foar it THV-nivo."*



De Afûk wurket gear mei it ûnderwiisfjild oan nije digitale metoaden, dêr't ek adaptive edukative games ynset wurde foar de taalfersoarging. Oant no ta is it tal learmiddelen dat geskikt is foar it folgjen fan de taalûntwikkeling yn de komplekse kontekst fan it Frysk frijwat beheind (Ynspeksjerapport 'Tusken winsk en werklikheid', 2010).

It is dan ek fan belang, dat der genôch evaluaasje-yndruminten beskikber komme, dêr't de dosint út kieze kin fanút de eigen ûnderwiisfyzje en dy't rekken hâlde mei it ferskaat oan nivo's fan de learlingepopulaasje. In wichtich útgongspunt is dêrby dat evaluaasje en toetsing mear formatyf ynset wurde kinne moatte, meidat dosint en learling mear grip krije op de taalûntwikkeling, mei spesjaal omtinken foar de ferbetterpunten en de oare stappen yn it learproses.

De Afûk hat in tal metoade-bûne evaluaasje-yndruminten ûntwikkele, lykas harkfeardichheids- en tekstbegrypstoetsen; grammatika-, stavering- en wurdskattoetsen. Fernijend binne de selsevaluaasje-yndruminten foar learlingen. Dizze evaluaasjes binne yn it earstoan troch it APS ûntwikkele op grûn fan it Europeesk Referinsjeramt foar Talen (ERK). De nivo-beskriuwingen dy't keppelen binne oan de nivo's fan it referinsjeramt Frysk (rrF), meitsje gebrûk fan rubrics; learlingen kinne aktiviteiten lykas presintaasjes en ferslaggen sels beoardielje.

Mei help fan dy formative evaluaasjes wurdt it learproses hieltyd better stipe. De weromkeppeling spilet dêrby in essinsjele rol. De resultaten jouwe ynformaasje oer en better ynsjoch yn wat berikt is. Soks biedt de learling en de learkrêft sicht op nij te learen kennis en feardichheden.

Digitaal learlingfolchsystem

It wurkjen mei de digitale evaluaasje-yndruminten betsjut foar de dosinten tiidwinst by it neisjen en de registraasje fan de útkomsten. Foar learlingen betsjut it, dat resultaten

op toetsen en evaluaasjes daliks beskikber binne en dat der daliks feedback jûn wurde kin. Ek kinne de evaluaasjes keppelen wurde oan de doelen fan it referinsjeramt Frysk (rrF). Dêrtroch krije de dosint en learling mear ynsjoch yn de taalûntwikkeling.

De evaluaasjes en toetsen meitsje diel út fan in learlingfolchsystem binnen it digitale platfoarm eduFrysk. Foar de dosint wurde de resultaten op de metoadetoetsen en oare foarmen fan hifking yn ien oersjoch byholden. Dat oersjoch kin per klasse en foar elke learling besjoen wurde, en de dosint kin krekt sjen wat in learling dien hat troch de makke evaluaasjes of observaasjes te iepenjen. Hy kin op basis fan de hifking in réaksje en eventueel in sifer jaan. Troch de learlingen wurdt wurke oan in digitaal portfolio.

In wichtich yndrumint yn it portfolio is it referinsjeramt Frysk (rrF), dêr't de 'ik kin-bewearingen' en de tekstfoarmen (sjenres) per taaldomein fia in tabel beskikber binne. Kenmerk fan it portfolio is dat de learling sels de eigner derfan is en sels bewizen fan it nivo en fuortgong keppelje kin oan it portfolio.

Sa kin in learling in persoanlike brief, dy 't er as opdracht skreaun hat, keppelje oan de 'ik kin-bewearing: "Kin ûnderfiningen en yndrukken beskriuwe" (Skriuwe, B1). De figuer lit sjen hoe't in learling op basis fan in selsmakke brief in selsevaluaasje makket mei help fan rubrics. De brief en de selsevaluaasje kinne tafoege wurde oan it portfolio.

Wim de Boer

Observaasje-ynstruminten foar de mûnlinge en skriftlike taalfeardichheden

Taalkennistoetsen fan GRIP: Frisiatoets

Mûnling oerlis – de groep (nivo RrF: B1)		
1. Sjenre-skaaimerken		
Oan begjin fan it oerlis Wurdt it ûnderwerp net fêststeld	Underwerp wurdt fêststeld, mar Is net hiel dúdlik	Oan begjin fan it oerlis wurdt it ûnderwerp fêststeld
2.		
Learlingen reagearje net op inoarren ideeën	Learlingen reagearje soms op inoarren ideeën, mar litte ek kânsen lizze	Learlingen reagearje op inoarren ideeën (besprekke, oanfolje trochfreegje)

In presintaasje hâlde, in learsum petear fiere, oerlizze, diskussje, in brief skriuwe ... Dat binne foarbylden fan learaktiviteiten dy't mei it brûken fan de nije digitale metoade *Spoar 8* en *Searje 36* regelmjittich op it aljemint komme sille. Learlingen kinne sadwaande op skoalle, yn de eigen fertroude klasse, oefenje mei it brûken fan taal yn bepaalde mûnlinge en skriftlike taalsjenres. Geregeldwei oefenjen is nedich om dy sjenres goed te behearskjen. Yn it referinsjeramt Frysk (rrF) wurdt in oantal sjenres beskreaun dêr't fan ferwachte wurdt dat bern dêr oan de ein fan de basisskoalle en it fuortset ûnderwiis foldwaande ûnderfining mei opdien hawwe. De observaasje-ynstruminten litte sjen hoe't in learling him ûntwikkelet nei in folsleine behearsking fan in beskaat sjenre. Fan elk sjenre wurde skaaimerken beskreaun dy't op in skaal skoard wurde kinne, sadat sichtber is hoe't de behearsking fan it sjenre op de ferskate ûnderdielen is. Troch dizze sichtberens krije sawol learkrêft as learling grip op de ûntwikkeling. It jout hânfetten om mei inoar yn petear te gean oer wat goed is en wat noch justjes better kin.

Hokker observaasje-ynstruminten binne der?

Der binne observaasjelisten foar alle groepen fan it primêr ûnderwiis en foar de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis. Foar it petear (dialoach): partsipearje yn it fantasjespul, ynterview, oerlis, diskusje.

Foar sprekken (monoloch): neifertellen (fan in ferhaal, mei help fan printen), presintaasje, betoach, ynstruksje, boekbesprekking. Foar skriuwen: ferslach, brief mei fersyk om ynformaasje, ynstruksje, resinsje, nijsberjocht en betoach.

Hoe kinne de observaasje-ynstruminten brûkt wurde? It doel fan dizze ynstruminten is de learlingen te folgjen troch te observearjen hoe't sy bepaalde sjenres útfiere. De ynstruminten helpe de learkrêften om ynsjoch te krijen yn de ûntjouwing en om de learlingen dêrby op in adekwate manier begeliede te kinnen. In learkrêft, dy't mei dizze ynstruminten oan de slach giet, moat it observearjen goed yn de slach hawwe. Soks freget omtinken en oefening. De learkrêft moat sels wol goed Frysk behearskje! Dêrom is foar skoallen in koarte kursus op maat opsetten om mei-inoar mei dit observearjen oan it wurk te gean en om te learen hoe't in skoalteam sels ek nije observaasje-ynstruminten foar nije sjenres meitsje kin.

Foar mear ynformaasje oer dizze kursus kin kontakt opnaam wurde mei it lektoraat Taalgebruik en Leren fan de NHL (lectoraattaalgebruikenleren@nhl.nl).

Janke Singelsma, Albert Walsweer, Sjoeke Faasse, Maaïke Pulles

Oan it begjin fan in skoallejier is it as learkrêft of learaar wol handich om te witten hoefolle oft in learling fan it Frysk al wit en kin. Nei't de learling ien fan de ferskillende farianten fan de Frisiatoets dien hat, komt dêr in oanwizing fan it taalkennisinivo neffens it referinsjeramt Frysk (rrF) út: it startnivo fan dy learling. Ek kin oan de ein fan it jier mei dyselde toets sjoen wurde oft der opgong yn dat nivo sit. Troch dy ynformaasje yn it learlingfolchysteem op te nimmen wurdt it learproses sichtberder foar learaar én learling. Der binne trije farianten fan de Frisiatoets, passend by trije doelgroepen, oprinnend yn taalkennisinivo: Foar-, Basis- en Nei-Frisiatoets.

Yn ûndersteande tabel wurdt in yndruk jûn fan it soarte fan taalkennisisems dat by in bepaald nivo heart.

ERK/rrF-nivo	Oantsjuttingen fan de taalkennis
A1	Telwurden, fraachwurden, kleuren, persoanlike en besittlike foarnamwurden, primêre oantsjuttingen as kloktiden, ienfâldige en frekwinte (foarmen fan) tiidwurden Foarbylden: <i>sân, wêr, read, dyn keamer, it is healwei twaen.</i>
A2	Modaal helptiidwurde mei ynfinityf, mulwurde fan ûnregelmjittige tiidwurden, tiidoantsjuttingen, ienfâldige ferlytsingswurden, frekwint sprektaleigen, regelmjittige mearstalsfoarming. Foarbylden: <i>Wy sille ite, ik ha fongen, moarn, hy hat it oan tiid.</i>
B1	Frekwint skriuwtaleigen, folchoarder fan twa tiidwurden yn de eingroep en minder frekwinte tiidwurdkonstruksjes. Foarbylden: <i>Tenei moat it better, Hoe hast dat no dwaan kinnen?</i>
B2	Reedlik frekwinte skriuwtaleigen en útdrukkingen, brûken fan de n-foarm fan de tiidwurden, selsstannich brûken besittlik foarnamwurde, ûnregelmjittige ferlytsingswurden en meartallen, griene tiidwurdfolchoarder en gean-/bliuwe- en komme-konstruksjes, útinoar steand foarsetselgebrûk. Foarbylden: <i>Nei alle gedachten, Hy hie it dwaan kinne moatten, It jonkje gie der hinne om te boartsjen, Fan twa oere ôf.</i>
C1	Technyske termen en oar spesifyk leech-frekwint skriuwtaleigengebrûk, doe-tiid en mulwurden fan ûnregelmjittige tiidwurden. Foarbylden: <i>Hy stiet noed foar de bern, Sy kin it der mei lykfine, Jo preaunen it druesop.</i>
C2	Tige spesifyk akademysk en literêr taalgebrûk. Foarbylden: <i>It skipke op it skolperige wiet, De pylgers wiene nei it ferseine lân tein.</i>

Foar-Frisiatoets: foar groep 5-6 en klasse 1-2 vmbo bb/bk

De Foar-Frisiatoets mjit de alderearste stapkes op it Fryske taalpaad. It is dêrom in behindige toets fan mar 25 fragen. De Basis-Frisiatoets is te lang en te dreech foar learlingen dy't noch oan it begjin fan it learen fan it (skreaune) Frysk sitte. De Foar-Frisiatoets is bedoeld foar groep 5 en 6 en dan benammen de net-Frysktaligen dêryn. Ek foar de learlingen yn de basisfoarming fan vmbo bb/bk is it in gaadlik mjitynstrumint. De stap fan neat nei A1 op taalkennisnivo is foar de begjinnende learder frij grut. Dêrom is dy earste trieme yn twaen opdield: A1.1 en A1.2. Mei de 25 mearkarfragen kinne de twa subnivo's en it A2-nivo dêrboppe oantsjuten wurde. Dêrmei kin sels it lytste bytsje taalkennis yn kaart brocht wurde. De toets is beskikber yn de digitale programma's fan *Spoar 8* en *Searje 36*.


Basis-Frisiatoets: foar groep 7-8, basisfoarming en 3-4 vmbo TG

De Basis-Frisiatoets is bedoeld om nei te gean watfoar taalkennisnivo learlingen oan de ein fan it basisûnderwiis of de basisfoarming yn it fuortset ûnderwiis berikt hawwe. Ek kin de mooglike foarútgong mei in nul- en in ferfolchmjitting útfierd wurde. It giet dêrby om in toets mei 60 mearkarfragen dy't de kennis fan de learlingen yndielt op A1-, A2-, B1- en B1+-nivo. De items rinne stadichoan op fan de maklikste telwurden oant wat dreger taaleigen en yngewikkelder tiidwurdfolchoarders. De toets is beskikber yn de digitale programma's fan *Spoar 8* en *Searje 36*.

Nei-Frisiatoets: foar 2de faze fuortset ûnderwiis en it heger ûnderwiis

De Nei-Frisiatoets beëaget de hegere taalkennisnivo's fan learlingen/studinten te mjitten, oarspronklik útdrukt yn de trije heechste nivo's fan it Europeesk Referinsjeramt (ERK): B2, C1 en C2. De 32 mearkarfragen binne om de twa heechste nivo's fan it referinsjeramt Frysk hinne yndield: B2 en C1. De yndieling yn fiif dielnivo's is stjoerd troch de ûnderling te ferwachtsjen ferskillen yn (oanparten yn) taalkennisnivo tusken 4havo, 4vwo, 5havo, 5vwo, 6vwo, studinten op in hegeskoalle en universiteit en de profesjonals dy't alle dagen op akademysk nivo mei it Frysk wurkje. Dat sjocht der sa út: B2.0 (kandidaat hat gjin B2-nivo), B2.1 (is ûnderweis nei B2-nivo), B2.2 (hat B2-nivo berikt), C1-nivo (hat B1-nivo berikt) en C1+ (hat mear as C1-nivo). C1+ komt yn dizze toets yn plak fan it C2-nivo op grûn fan de ferskillen tusken de dreechste en krekt wat minder drege items. It C2-nivo is nammentlik foar de te ûndersykjen learders op skoallen en opliedingen net reëel. De Nei-Frisiatoets is beskikber yn *Searje 36*.

Reitze Jonkman



Lêsbegryp Frysk: toetsen begripend lêzen

Lêzen is in wichtige feardichheid. Goed begripend lêze kinne seit in hiel soad oer de behearsking fan taal. Lêzen komt as feardichheid in soad foar yn de maatskippij, en is hiel wichtich foar it opbouwen fan wurdskat yn kontekst. Ek foar twaddetaallearders (mei byg. Nederlânsk as memmetaal) is lêsbegryp in goed te toetsen feardichheid. Bern dy't it lestich fine om it te prate of te skriuwen, kinne mei in lêsbegrypstoets wol sjen litte dat se mei de taal oerwei kinne. Mei de searje folchoetsen Lêsbegryp Frysk kinne learlingen en learkrêften de groei fan de Fryske lêsuontwikkeling troch de jierren hinne ynsichtlik meitsje en folgje.

Digitaal

De toetsen Lêsbegryp Frysk binne allegearre folslein digitaal. Dit hat ta foardiel dat de resultaten fuortendaliks ynsichtlik binne nei it meitsjen fan de toets. Learlingen wolle graach witte hoe goed oft se it dien hawwe. Boppedat hoecht de learkrêft net sels nei te sjen, want dêr soarget de kompjûter foar! De toetsen wurde oanbean fia it digitale platform eduFrysk (*Spoar 8* en *Searje 36*). Dêrtroch wurde de resultaten gelyk beskikber makke yn it GRIP-learlingfolchsystem yn eduFrysk.

Teksten: 3 sjenres

Alle toetsen bestean út trije teksten. Dizze trije teksten folge in fêst patroan fan sjenres. Der is yn in toets altiten ien ynformaasje-, ien fiksje-, en ien 'persoanlike' tekst. By in persoanlike tekst moat men tinke oan in ynterview of in kolum. Mei dizze trije sjenres wurdt in sa represintatyf mooglik ferskaat oan Fryske teksten oan de learling oanbean. Om de teksten represintatyf te hâlden wurdt gebrûk makke fan autentike teksten, teksten dy't de learling sels ek tsjinkomme kinne soe.

De folchoetsen: groep 5, 6, 7, 8 en klasse 1

Nei it lêzen fan in tekst wurdt oan de learling in tal fragen steld. It oantal fragen per tekst leit meastal om de 10 hinne. Yn de legere groepen wurde oer it generaal wat minder fragen steld, en yn de hegere groepen/klassen wat mear. In toets duorret ûngefear 45 minuten. Fan groep 5 ôf is der foar alle jierren in ferskillende toets: foar groep 5, groep 6, groep 7, groep 8 en foar klasse 1-tmbû en klasse 1-hafû/twû. De toets wurdt ien kear yn it jier ôfnommen yn maaie.

Twatalige fragen

Om der wis fan te wêzen dat de toets ek echt lêsbegryp mjit, en gjin fraachbegryp, stelle wy de fragen yn it Frysk en yn it Nederlânsk. Mei behelp fan de digitale technyk biede wy de fraach sa oan dat de Nederlânske wjergader wol beskikber is, mar de Fryske fraach it earst yn it sicht falt.

Noarmearring

Om in goed byld jaan te kinnen fan de ûntwikkeling fan learlingen yn it Frysk, is keazen foar skoallen dy't aktyf mei it Frysk dwaande binne. Foar it fuortset ûnderwiis binne de toetsen noarmearre ûnder skoallen dy't meidogge mei *Searje 36*. Foar it basisûnderwiis binne de toetsen lêsbegryp Frysk noarmearre ûnder Frysktalige en Nederlânsktalige learlingen fan basisskoallen út it Trijetalige Skoallearnetwurk yn Fryslân. Sawol 3TS-sertifisearre skoallen as startfariant-skoallen (skoallen yn it trajekt om ta in 3TS-sertifikaat te kommen) hawwe meidien yn it noarmearingsûndersyk. De skoallen dy't meidien hawwe komme foaral út net-stêdlike gebieten. De learlingen fan de skoallen dy't meidien hawwe, foarmje de referinsjegroep foar de toets. De noarmskoares binne hjirop basearre.

Skoares

De toetsen Lêsbegryp Frysk binne summative toetsen. Se litte sjen wêr't de learling stiet yn fergeliking mei oare learlingen yn Fryslân út de referinsjegroep. Út de toets komme trije skoares: it persintaasje goede antwurden, in noarmearingspersintyl, en in rrf-skoare.

Jurjen Kingma

Ymplementaasje GRIP

It evaluaasjesysteem Frysk, *GRIP*, is klear! Fan it skoaljier 2016-2017 ôf kinne alle basisskoallen en skoallen foar fuortset ûnderwiis yn Fryslân de evaluaasje-ynstruminten brûke. De adviseurs fan Cedin kinne skoallen stypje by it ymplementearjen fan *GRIP*, en at de skoallen dat wolle, kin dit tegelyk mei it gebrûk fan it lesmateriaal *Spoar 8* foar it basisûnderwiis en *Searje 36* foar it fuortset ûnderwiis. Yn de begelieding stiet it jaan fan ynformaasje, karren meitsjen en oefenjen sintraal. Skoallen hoege net alle toetsen út *GRIP* te brûken.

Op basis fan kennis oer de evaluaasje-ynstruminten fan *GRIP* beslút elke skoalle sels hokker evaluaasje-ynstruminten hy ynsette wol om de taalûntwikkeling fan Frysk yn byld te bringen en te folgjen. As de ynstruminten brûkt binne, dan kinne de skoallen de skoares fan de evaluaasje-ynstruminten brûke om it lesaanbod Frysk optimaal ôf te stimmen op de learlingen. Cedin begeliedt skoallen by it analysearjen fan de skoares en it fertalen fan dy útkomsten nei de lessen en dêrneist biede se wurkwinkels oan oer it nije lesmateriaal *Spoar 8*.

Sels kieze foar de foarm fan begelieding!

Om sa goed mooglik oan te sluten by it begeliedingsferlet fan de skoallen en de learkrêften, organisearret Cedin sawol regionale- as skoalspesifike gearkomsten. Yn de regionale gearkomsten, dy't ornearre binne foar taalkoordinatoaren, ib-ers, learkrêften út it primêr ûnderwiis en dosinten Frysk yn it fuortset ûnderwiis, stiet it ynformearjen en it opdwaan fan kennis en ûnderfining sintraal. De ynhâld fan de regiobyienkomsten sjocht der sa út:

Byienkomst 1 (pû):

Wat is *GRIP*? Wat is *Spoar 8*? (Ynformative gearkomste)

Byienkomst 2 (pû):

Lessen meitsje mei *Spoar 8* (Knoppenkursus)

Byienkomst 3 (pû en fû):

Evaluearje mei *GRIP* (Knoppenkursus)

Byienkomst 4 (pû en fû):

Analysearje mei *GRIP* (Systematysk de resultaten besjen, Wat betsjutte de resultaten?, Hoe set ik dit oer nei myn oanbod?)

As de skoalle sawol *GRIP* as it nije lesmateriaal skoallebreed ynfiere wol, kin ek in trajekt-op-maat oanbean wurde. Dit kin der bygelyks sa útsjen:

Gearkomste 1. Fyzje en ambysjes oersetten yn plannen (by de start fan it brûken): Yn dizze gearkomste stiet de fraach

sintraal hoe't de skoalle gebrûk meitsje kin fan *Spoar 8* en/of *GRIP*. Ut de fisy en ambysjes fan de skoalle, ek yn relaasje ta it stimulearringsbelied fan de provinsje yn it ramt fan it 'Taalplan Frysk', makket de skoalle yn de mande mei de adviseur plannen foar de ymplementaasje. De skoalle betinkt sels op hokker wize dy it bêste stipe wurde kin by de ymplementaasje. De ôfspraken wurde fêstlein yn de toetskalinder.

Gearkomste 2. Reflektearje op ymplementaasje (nei in oantal wiken): Yn dizze gearkomste reflektearret it team op de útfiering fan *GRIP* en/of *Spoar 8* oan de hân fan de yn de earste gearkomste formulearre ôfspraken. It doel is om ûnderfiningen en kennis te dielen. Dêrneist wurdt oefene mei it stellen fan doelen foar eltse groep.

Gearkomste 3. ûntwikkelingsrjochte wurkje: Ek dizze gearkomste begjint mei it reflektearjen op de útfiering fan *GRIP* en/of *Spoar 8* oant no ta. Dêrnei wurdt omtinken jûn oan it analysearjen fan de resultaten fan de toetsen en de oersetting fan dy resultaten nei in lesaanbod.

De kreative ynfolling fan it trajekt wurdt yn mienskiplik oerlis fêststeld.

Dorien Hamstra en Bernadet de Jager



evaluaasjesysteemfrysk